

Ledegearkomste Skriuwersboun

25 novimber 2021

Oanwêzich fysyk: Simen de Jong, Jan Woudstra, Jan Schotanus, Hilda Talsma, Reina Kroodsmā, Baukje Zijlstra, Pier Boorsma, André Looijenga, Willem Verf, Trevor Scarse, Pieter de Groot

Oanwêzich digitaal: Janneke de Boer, Youvan Bergsma, Meindert Reitsma, Tryntsje van der Veer, Berber Spliethoff, Elisabeth Post, Bouke Oldenhof

1. Iepening om 17.30 oere

2. Wurklist goedkard

3. Neigean ferslach foarige gearkomste

RIXT woe graach wer optredens fan dichters en skriuwers organisearje ûnder de namme fan Literêr Sirkwy, eartiids organisearre troch it Skriuwersboun. Om dit mooglik te meitsjen ha se ús om finansjele stipe frege. It bestjoer fûn dit net binnen it hjoeddeistige aktiviteitepakket fan har lizzen en wie fan miening dat der gjin finansjele middels binne om soks te stypjen; dêr binne oare ynstânsjes foar om oan te skriuwen.

Tryntsje: as RIXT fine we dat spitich. Soe moai wêze as we inoar wol publisitêr helpe kinne.
Willem: dat altyd.

Kaskommisje is noch net byinoar kaam, ek troch koroana, dat sy ha noch net nei de sifers fan ôfrûne jierren sjen kinnen.

It bestjoer hat mei Tresoar meardere petearen hân oer administrative stipe, mar op it stuit is dêr noch neat fan kaam. Hooplik kinne wy dêr yn de takomst ôfspraken oer meitsje mei de nije direkteur.

Ernst Bruinsma hat in soad ferteld oer City of Literature. We ha noch net genôch murken fan de Fryske stipe. Dêr wol it bestjoer druk op setten bliuwe.

4. Wiziging karbrief

Feroaring fan boun yn bûn

Tryntsje van der Veer: in enkête holden hjir oer yn 2017; dêr kaam út dat de mearderheid de 'ou' behâlde woene. Soe dat dizze kear ek dien wurde kinne?

Willem Verf: formeel mei de ledegearkomste dit beslút nimme, mar dêr komme we letter wol wer op werom.

Foar de diskusje en beslút sjoch punt 8.

Oare feroarings

Kêst 2.4 *De tafoeging 'Hja betelje in jierlikse bydrage, dêr't de hichte fan fêststeld wurdt troch de ledegearkomste', wurdt skrast. Stipers meie sels bepale hoefolle en hoe frekwint hja jild donearje.*

Willem Verf: leden betelje kontribúsje, stipers mei dat sels witte.

Jan Woudstra: moatte it rekkennûmer op de site sette, sadat stipers ek jild jaan kinne.

Pieter: sa no en dan in oprop dwaan oan stipers.

Kêst 3.1

Fanwege de privacyregels meie wy net de adressen diele fan ús leden, dêrom stjoere wy no allinne noch mar de nammen en wenplakken rûn.

Hjirtroch wurdt it lestich foar leden om in ekstra ALG oan te freegjen. Wy wolle dit kêst sa oanpasse dat it bestjoer ferplichte is om sa'n fersyk troch te bryfkjen oan de leden en in ALG te hâlden as dêr in tsiende fan de leden ferlet fan hat.

Jan Schotanus: kin hjir ek tastimming foar frege wurde by it lid wurden?

Willem Verf: wy ha grutte problemen as dy tastimming wer ynlutsen wurdt. Namme en wenplak is it maksimum dat we trochjaan meie.

Kêst 7

De Oesdrip hat al lang net mear in ûnôfhinklike redaksje. It bestjoer wol graach de hjoeddeistige sitewaasje (it bestjoer fersoarget nijsbrieven en in webside) statutêr meitsje.

Alle wizigings wurde oannaam mei de opmerkingen yn acht nommen.

Fierdere opmerkings

Tryntsje: de nije wet WBTR moat ek meinaam wurde yn de karbriefwizigings.

Jan Schotanus: it soe better wêze ast de deistige saken fia in Húshâldlik Reglemint regelst, en yn de karbrieven de basissaken setst.

5. Beneaming nij bestjoerslid

André Looijenga sil op 1 jannewaris opstappe as ponghâlder. It bestjoer draacht Jan Woudstra foar as ferfanger.

Jan Woudstra stelt him foar oan de gearkomste. Hy wurket as finansjeel administratyf meiwurker foar it Dockingacollege yn Dokkum, hat al earder ponghâlder west fan oare organisaasjes, en skriuwt gedichten yn it Nederlânsk en Frysk.

De gearkomste stimt yn mei syn oanstelling.

6. Ynstellen wurkgroep honorarium

Op it stuit wurde skriuwers en dichters finansjeel net serieuus naam. Wy wolle graach in pear minimumtariven opstelle dy't oanhelle wurde kin as in boaiem foar de finansjele temjittetekommings. Benammen foar (publike) optredens.

Wa't hjir ek oer meitinke wol kin him of har oanmelde foar dizze wurkgroep. Willem Verf en Hilda Talsma soene graach fersterking ha wolle.

Youvan Bergsma: der is ek in wurkgroep literatuer fan de Provinsje. Kinne wy samar easken stelle oan de Provinsje om in boek út te jaan? Moatte we dit net breder lûke?

Willem Verf: wy moatte foar ús belangen opkomme, en sa kinne we in basis oandrage.

Hilda Talsma: it giet der ek om it stellen fan in ûndergrins, sadat we inoar net ûnderbiede.

Berber Spliethoff: tarivelist foar optredens foar boeken, bondels, gedichten en ferhalen; faak krije je mar in boekebon foar soks.

Meindert Reitsma en Baukje Zijlstra: oanslute by de tarivelist van de Schrijverscentrale en Letterefûns.

Jan Schotanus: gewoan dy tarivelist oernimme en dêr opstean. Ek wurkbeurzen moatte oanfrege wurde by literêre fûnsen.

Willem: der binne genôch ideeën, kinne we in wurkgroep oanstelle om in útstel ta te rieden foar in folgjende ledegearkomste.

De gearkomste is it dêr mei iens. Youvan Bergsma hat wol nocht om mei te tinken.

7. Skriuwerswykein

It bestjoer wol graach **op 11, 12 en 13 febrewaris** in wykein organisearje om de Fryske skriuwers en dichters wer byinoar komme te litten. It sil plak fine yn Bakkefean en der sille aktiviteiten wêze mei Lida Dijkstra, Doeke Sijens en de Noard-Ierske skriuwer Brian McGilloway.

Jan Woudstra: hoe djoer wurdt it foar de leden om mei te dwaan?

Willem: we ha in budzjet en ferskate fûnsen binne oanskreaun. De presize kosten wurde mei de tiid bekendmakke.

Berber Spliethoff: wat hâldt it yn?

Willem: we ha in programma opsteld om nei te tinken oer bepaalde ûnderwerpen, ek mei oare partijen sa as útjouwers. Dit kombinearre mei sosjale aktiviteiten.

It bestjoer is ek dwaande om in boek fan Brian McGilloway oer te setten yn it Frysk en dy sille we dan op it wykein presintearje. Dit is opstapke foar it ferbetterjen fan de posysje fan oersetten nei en út it Frysk.

8. Skriuwersboun of Skriuwersbûn

Diskúsje oer de karbriefwiziging kêst 1.1.

André Looijenga: ik soe dit graach ôfriede, want a) we binne al fyftich jier mei dizze namme in begryp; b) wurdt mei de oanwêzige leden gefoelsmjittich net it kwoarum helle wurdt; c) yn de digitale wrâld binne lûden mei kapkes noch net mooglik, dat 'boun' is dan better as 'bun' kwa útspraak.

Pieter de Groot: tsjintwurdich wurdt it frij automatysk as 'bûn' opskeaun, dat ik fyn dat it wurdbyldargumint net hielendal mear jildt.

Tryntsje van der Veer: It jout in soad finansjele omslach om soks te feroarjen.

Bertus Mulder: it boun mei 'ou' is al mear as fjirtich jier efterhelle.

Willem Verf: we stimme der oer en ek as foar de wiziging stimd wurdt, dan wurde de oare leden noch rieplachte foardat it feroare wurdt.

Der wurdt oer stimd. 18 minsken ha stimd: 10 foar 'bûn' en 8 foar 'boun'.
Dat, gjin twa tredde mearderheid fan de oanwêzige leden

9. Omfregjen

Gjin fragen fan de leden.

Willem: we sille mei it bestjoer fan it PC-Hooftpriis yn petear oer hoe't wurk yn it Frysk beoardiele wurdt troch har sjuery. Stiet yn har statuten dat wurk dat yn oanmerking foar de priis komt sawol Nederlânsk- as Frysktalich wêze mei.

Fierders woene wy graach Jan Woudstra lokwinske mei de oanstelling as ponghâlder.

Trevor Scarse soe ek graach in opfolger ha foar syn taken as sekretaris. Dêr sille wy dus mei oan de slach.

10. Skriuwersfakskoalle

Baukje Zijlstra fertelt oer de skriuwersfakskoalle yn Grins, in potinsjele Fryske fariant en auteursbegelieding yn it algemien.

De Schrijversvakschool (SVS) yn Grins is in fjouwerjierrige oplieding dêr'tst feardichheden opdwaan kinst foar dyn ûntjouwing as skriuwer. Begjannerskursussen binne foar elk tagonklik, dêrnei wurdst talitten op basis fan earder folge kursussen en/of op basis fan de kwaliteit fan dyn wurk.

De SVS hat ek lokaasjes yn Deventer en Swolle en sûnt koart dus ek yn Ljouwert. Yn 2020 is der begûn mei Nederlânsktalige begjannerskursussen yn Dbieb en yn 2021 mei Frysktalige begjannerskursussen yn Tresoar. As dizze kursussen genôch ynteresse opwekke foar ferfolchkursussen, dan soe der in Frysktalige Skriuwersfakskoalle oprjochten wurde kinne of soe it oanbod fan de SVS yn Ljouwert twatalich wurde kinne.

Der wurdt oppere dat in twatalige oplieding faaks in soad ferrin fan Frysk- nei Nederlânsktalich skriuwen mooglik meitsje soe. Baukje en oare leden tinke dat soks krekt oarsom wurkje sil as it goed oanpakt wurdt, ek omdat meardere minsken yn de 'kennismakingslessen' oanjûn hawwe dat se leaver net kieze wolle tusken beide talen. It is wol fan belang oan te jaan dat de neidruk ynearsten net leit op taalbehearsking. Dat kin nammentlik in drompel wêze foar minsken dy't graach yn it Frysk skriuwe wolle.

Fierders wurdt frege oft in SFS iepen stiet foar elk nivo of allinne foar minsken dy't publisearje wolle. Baukje leit út dat, lykas by de SVS, de begjannerskursussen iepen stean foar elk nivo, mar dat geandewei de oplieding/ferfolchkursussen ek sjoen wurdt nei skriuwambysje. Foar de ferfolchkursussen wurde dielnimmers ek talitten op basis fan har wurk. Wa't dy ambysje net hat, kin meardere kearen de begjannerskursussen folgje of kin terjochte by oare ynstellings.

In oplieding is ien manier om skriuwers/dichters dy't graach help ha wolle te begelieden oant de doar fan in útjouwerij ta. By in soad útjouwerijen is der hieltyd minder tiid foar auteursbegelieding, oft it no giet om debutanten of betûfte skriuwers. Baukje fynt dat soks wol in taak fan de útjouwerij is, neidat se in auteur yn harren fûns opnaam hawwe.

Baukje freget wat de ûnderfiningen fan de oanwêzigen binne wat dit oangiet. Inkele leden jouwe oan dat se hiel tefreden binne oer de begelieding fan harren útjouwer. In oplieding soe ek tips oanrikke moatte oer hoe't minsken har wurk publisearre krije, hoe't se in manuskript opstjoere moatte, hoe't it kontakt mei útjouwers ferrint ensafh.

Baukje is troch Tresoar en SFS frege om in kursus 'Redigearjen fan dyn eigen teksten' op te setten. Dêrby giet it benammen om ynhâldlike redaksje (fergelykber mei auteursbegelieding), en minder om taalkundige redaksje. Fierders is it fan belang dat de kursisten ek inoars wurk lêze, sadat elk net allinnich fan de dosint mar fan safolle mooglik ferskillende lêzers kommentaar krijt. De opset is noch net folslein en wurdt oanpast op basis fan de oanmeldingen. It is de bedoeling dat yn de rin fan 2022 it oanbod fierder ûntwikkele wurdt.

11. Sluting

Willem tanket Baukje Zijlstra foar har bydrage. De gearkomste wurdt om 19.55 oere sletten.